



# **VERA, DE FEKKE**

## **('n Huis vol herrie)**

**(K)luchtich blijspel yn trije bedriuwen**

**door**

**STEPHENS EN LINTON**

**Foar it Nederlânsk op 'e nij oerset troch  
Mimi en Peter van Waterschoot van der Gracht**

**Foar it Frysk oerset troch**

**Lammert Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**(Grimas Theatergrime verkoop)**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **VERA, DE FEKKE – VERA, DE VERSCHRIKKELIJKE – 'N HUIS VOL HERRIE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **STEPHENS EN LINTON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2014 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

NICO - in pantoffelheld

VERA - syn dominante frou

SASKIA - harren âldste dochter

JORIS - har man

INEKE - jongste dochter fan Nico en Vera

WIM - jongste soan fan Nico en Vera

ELLY - húshâldlike help fan Saskia en Joris

DOLLY DE RAEDT - in aktrise

DOKTER NIETZ - ûnder mear feedokter

RESJERSJEUR DE WAART (M/F)

**5 froulju - 5 manlju of 6 froulju - 4 manlju**

## **DEKOR:**

It stik spilet him ôf yn de moderne sitkeamer fan de lúksueuze filla 'Vredeheuvel' fan Saskia en Joris op in moaie simmerdei.

Yn de lofterwand in doar, dy't nei de hal, de keuken, de ytkeamer en de trep nei de boppeferdjipping laat. Njonken de doar in knopke om it grutte ljocht yn 'e keamer oan te dwaan.

Yn de efterwand yn 'e midden iepenslaande doarren, dy't útsicht jouwe op in stikje fan 'e tún.

De rjochterwand wurdt foarme troch in grutte boekewand mei dêryn in lûdsynstallaasje. Midden yn dizze wand in doar, dy't tagong jout nei de oare fertrekken op 'e ûnderferdjipping.

Loftsfoar in design itenstafel mei trije dito stuollen.

Loftsefter in nijmoadrich skilderij dat troch in lampke ferljochte wurde kin.

Rjochts njonken de túndoarren in lyts taffeltsje mei in tillefoan derop. Oan 't lewant derefter in lampke.

Rjochtsfoar in hypermodern bankstel mei lege tafel en in steande skimerlampe.

- 1ste bedriuw: op in simmermoarn.
- 2de bedriuw: deselde dei middeis.
- 3de bedriuw: deselde dei jûns.

## EARSTE BEDRIUW

### In simmermoarn.

*De túndoarren steane iepen. Op 'e tafel loftsfoar stiet in lege faas mei wetter.*

#### Sêne 1.1

*(Elly klaaid yn in swart jurkje mei in wyt skelkje, stoffet de keamer, begelaat troch tryste pianoklanken út de lûdsynstallaasje)*

#### Sêne 2.1

JORIS: *(komt efkes letter op fia de doar lofts)* Moarn, Elly!

ELLY: Moarn, Joris...

JORIS: Wat bist al betiid oan 'e poets?

ELLY: Opdracht fan Saskia.

JORIS: Ah, ik begryp it al. Hjoed sil it barre, hê? De 'ynspektrise' komt op besite!

ELLY: *(laitsjend)* Dat binne dyn wurden.

JORIS: *(snúft minachtsjend)* Wat moat ik dan sizze? Myn alderleaf-ste skoanmem?*(rint nei de lûdsynstallaasje)* 't Sjocht der hjir ALTYD kreas út, tank sy dy.

ELLY: Tankjewol.

JORIS: Mar gean mar fluch fierder mei wat Saskia dy frege hat, oars hat dy dochs gjin rêst. IK set allinne wat oare muzyk op. It liket hjir wol in krematorium *(feroaret it kanaalnûmer. der is no fleurige muzyk te hearren. wylst er nei de túndoarren rint)* IK meitsje my mear soargen om myn hynder. Haw de feedokter skille.

#### Sêne 3.1

JORIS: *(ôf; we hearre him bûten de feedokter begroetsjen)*

ELLY: *(rint ek nei de túndoarren, sjocht him nei, en wurdt kjel)* Oh! Dat ek noch... *(Wim fuort op fia rjochterdoar, Elly skrikt even as se de doar heart, dan)* Oh, Wim! Sjoch hjir ris!

WIM: *(rint nei har ta, slacht syn earm om har hinne)* Wat is der, famke?

ELLY: *(wiist yn 'e tún)* Sjochst dy man dêre, dêr't Joris mei stiet te praten?

WIM: Ja, wat is der mei him?

ELLY: Sjochst net, wa't dat is?

WIM: Nee...

ELLY: 't Is dokter Nietz, de feedokter.

WIM: Ferrek, ja, do hast gelyk.

ELLY: (*feralterearre*) Tink ris ta, dat er der ynkomt en ús werkent. Dat soe freeslik wêze... As Vera te witten komt, dat... (*rint by de túndoarren wei*)

WIM: (*ûnderbrekt har*) Witst Elly, Ik bin dat geheimsinnige gedoch mear as sêd.

ELLY: (*mei klam*) Mar it mei echt net trochleke, dat witst. Jim mem lit dy falle as in bakstien. No krijst teminsten noch wat jild fan har. En ik fertsjinje hjir by Joris en Saskia behoarlik as (*spottend ge- wichtich*) "assistinte yn 'e húshâlding".

WIM: Mar ik haw de straal yn, datsto tsjinstfaam spylje moatst by myn suster.

ELLY: (*hellet him oan*) Gekkie! Ik doch it dochs graach. No bin ik dochs hieltyd lekker ticht by dy? (*tutet him*) En Saskia is echt hartstikke aardich foar my.

WIM: (*tutet har*) Wachtsje mar, oant myn earste roman útkomt, dan hoechst hjir net mear te wurkjen. Elkenien, dy't it manuskript lêzen hat, seit dat de útjouwers derom fjochtsje sille. En dan komt de rest fansels!

ELLY: Jawis! (*wol him oankrûpe*)

#### **Sêne 4.1**

SASKIA: (*op troch de túndoarren, in bosk farsk plôke blommen yn 'e hân, ferheard*) Wat dochsto no, Elly?

WIM: (*gnyskjend*) Elly stoffe efkes myn skouder ôf. (*wiist nei syn skouder, wylst Elly fluch trochgiet mei har wurk út sêne 1.1*)

SASKIA: (*sarkastysk*) 't Liket my dochs wier better, datst ek noch even de ytkeamer ôfstoffest, Elly, ynstee fan 't skouder fan myn broerke. Alles moat der op en top fersoarge út sjen no't mem hjir foar 't earst útfanhûs komt, dat witst. Lykas by har thús.

ELLY: Ik bin al fuort! (*links ôf*)

#### **Sêne 5.1**

SASKIA: (*set de radio út, ferwitend*) Do wiest dochs net echt mei Elly oan 't flikfloaien, wol?

WIM: (*ûnnoaze!*) IK? Hoe komst dêr no by!

SASKIA: Ik bin net gek! Ik haw alris earder murken, datsto efter har oan

sitst (*nei tafel links*) Doch dat asjeblyft net wer. Goed perso-niel is hjoed de dei dreech te krijen. (*docht de blommen yn 'e faas op 'e tafel loftsfoar*) Ik tocht nammers, datsto ús mem fan 't sta-sjon helje soest?

WIM: Nee hear. Dat soe Joris dwaan.

SASKIA: (*sarkastysk*) Ja, ja. En hy tocht fansels datsto gean soest.

Dat sil jim troch mem net yn tank ôfnommen wurde. (*út 'e tún wei hearre we de stimme fan Vera, lûd en lilkaardich. Saskia en Wim rinne rjochting túndoarren*)

VERA: (*mispriizgjend*) No, as de túndoarren net iepenstiene, soest swarre, dat der nimmen thús wie.

### Sêne 6.1

VERA: (*ferskynt mei Ineke - dy't har eigen koffer tilt - by de túndoar-ren, ropt oer 't skouder*) Toe dan, Nico, avensearje!

NICO: (*út 'e tún wei*) Ja, skat (*oan de fallende lûden en ûnderdrukte ferwinskings te hearren, hat er sa't it liket swierrichheden mei de oare bagaazje. Vera en Ineke op. midden op 't toaniel begroetsje de oaren earst Vera plichtmjittich en dêrnei hertlik elkoar û.o.:*)

SASKIA: Moai Ineke, datst ek meikaam bist.

INEKE: Ik wie te gek bliid dat ik meimocht nei dy ta. Ik fyn it hjir altiten sa smûk.

WIM: (*tsjin Ineke*) Hé, hoe is 't mei ús oankommende aktrise?

INEKE: (*set de koffer del*) En hoe mei DE Nederlânske auteur? (*se krûpe elkoar oan*)

VERA: (*bliuwt der in bytsje bûten stean*) Jim heit stiet kleardernôch wer te knoffeljen. (*rint lulk werom nei de túndoarren*) Nico, wêr bliuwst no?

### Sêne 7.1

NICO: (*op, hast net te sjen efter de bagaazje, dy't er der yn bringt*) Ik kom deroan, skat!

WIM en SASKIA: (*rinne op him ta*) Hoi heit!

NICO: Hallo, jonge (*lit wat fan de bagaazje falle*)

VERA: (*skerp*) Nico! Wat bist dochs in moksis!

NICO: Dat wie by ûngelok, skat...

WIM en SASKIA: (*wolle de bagaazje fan Nico oernimme*)

VERA: (*fûl*) Lit dat! Hy moat it sels leare! (*sarkastysk*) Dat wie nammers

in prachtige oankomst op 't stasjon. Gjinn sterveling te sjen! Ik haw serieus yn my omgean litten fuortdaliks werom te gean.

SASKIA: (*rint op Vera ôf, wylst Wim syn heit helpt de bagaazje wat handiger te ferdielen*) Mar Joris wie der dochs om jimme ôf te heljen?

VERA: (*snauwerich*) Gjinn Joris te sjen. Ik haw dy altiten al warskô-ge, dat dy fint fan dy net doocht. Do bist fierstente goed fan fer-trouwen.

SASKIA: (*lulk*) Ik bin der wis fan, dat hy jo ôfhelje woe. Hy moat jim misrûn hawwe.

VERA: (*smeulsk*) Ja, hâld him de hân mar wer boppe de holle.

SASKIA: (*rint nei lofts*) Kom mem, ik sil jo de keamer wize. Ineke, do krigest de keamer dêr'tst alris earder slept hast.

NICO: (*ferûngelike*) En ik wurd grif wer op de flierring opburgen?

VERA: Wêr'tsto opburgen wurdst, is absolút net wichtich! (*rint efter Saskia oan, oer 't skouder tsjin Nico*) Toe dan! Meitsje noris oan! En weagje it net de bagaazje wer falle te litten! (*beide ôf troch de linkerdoar*)

### **Sêne 8.1**

WIM: Sil ik dy helpe, heit?

NICO: (*tryst*) Helpe? Foar my is der noch mar ien help: in sêfte, freedsume dea.

VERA: (*fan efter de doar*) Nico?! Wêr bliuwst no!

NICO: Ik kom, skat... (*wylst Wim de doar foar him iepenhâldt, giet er ek lofts ôf*)

INEKE: (*giet mei in sucht op 'e bank sitten*) Sa giet it no thús de godgânske dei!

### **Sêne 9.1**

WIM: (*giet, meilydsum de holle skodzjend, njonken har op 'e bank sitten*)

INEKE: En heit is sa'n skat! Hy hat my jild tasein foar myn teateroplieding

WIM: Moai! As mem dêr mar net efter komt...

INEKE: Dêr soargje ik wol foar. Mar hoe is 't mei dyn boek?

WIM: (*grutsk*) it skript leit by de útjouwer. Ik ferwachtsje hjoed of moarn berjocht. As er it nimt, krij ik myn earste honorarium. En do witst, as ien skiep...

INEKE: (*entûsjast*) Toppie! Ik hoopje it echt foar dy!

WIM: Oars ik wol. Wy... uh... ik haw dat jild hurd nedich (*springt oerein*)

*en giet nei de túndoarren*) Ik rin fuortendaliks even nei de brievebus.  
INEKE: Súkses! Ik gean nei boppen en pak myn koffer út (*pakt de koffer, fia doar lofts ôf*)

### Sêne 10.1

JORIS: (*op troch de túndoarren. Hy hat de post yn 'e hân en pakt der in brief út*) Hjir Wim, foar dy!

WIM: Moai! Ik soe krekt efkes sjen (*sjocht ferheard nei de slúf*)

JORIS: Is de famylje al oankaam?

WIM: (*knikt*) Ja en mem is poerrazend, om'tsto har net fan de trein helle hast. Se drige sels wer op hûs ta te gean.

JORIS: Wie 't mar wier...

WIM: (*sjocht oer 't skouder fan Joris de tún yn*) Wat moat dy fint hjir?

JORIS: Dat is Nietz, de feedokter. Myn hynder docht wat nuver en doe haw ik him komme litten... Ik tocht datsto him koest?

WIM: (*rint wylst fluch nei de lofterdoar*) Nee... nee... (*stekt slúf omheech*) Myn brief... (*gau ôf*)

### Sêne 11.1

JORIS: (*sortearret de post en leit dy op 't taffeltsje by de bank. hy hâldt ien efter en iepenet dy. hy begjint te lêzen*)

DOKTER: (*op fia de túndoarren, mei in kofferke yn 'e hân*) Ah, bist hjir, Joris! Al neitocht oer dy meanmasine?

JORIS: Nee. En dat sil ik ek net dwaan. (*wol fierder lêze*)

DOKTER: Mar it is...

JORIS: Ik haw dy frege nei myn hynder te sjen. Net om my in gammele meanmasine oan te smarren! (*lêst*)

DOKTER: Ik bin feedokter, yndie. Yn 'e stêd sjochst net in protte hynders mear. En fan hûnen en katten moat ik net folle haw.

JORIS: Hast dan winliken net it ferkearde berop keazen?

DOKTER: (*lûkt oan 'e skouders*) Ik hâld wol fan minsken. Dêrom bin ik ek BABS wurden.

JORIS: Wat is dat no wer?

DOKTER: Bûtengewoan Amtner Boargerlike Stân. Sis mar trou-  
amtner.

JORIS: (*makket skowend gebeart mei de fingers*) En skoot dat noch wat?

DOKTER: Wikseljend. Dêrom bin ik dêrnjonken pianostimmer wur-den. Mar troch de radio, de tillevyzje en de CD's binne der in soad piano's ferdwûn. Om fan dy ôfgryslke 'keyboards' noch mar te swijen. Sa net,

kin ik dyn piano net even stimme?  
 JORIS: Man, ik haw hielendal gjin piano!  
 DOKTER: Mar do kinst dochs pianospylje?  
 JORIS: Ja...  
 DOKTER: Dan MOATST ien hawwe. (*makket syn kofferke iepen*)  
 Ik haw hjir folders fan alle wichtige merken. (*efter syn hân mûs-  
 kopjend*) By my te leverjen mei 20% koarting!  
 JORIS: Hjoed net.  
 DOKTER: Hoe tinkst dan oer in libbensfersekering? Aanst ast âld bist,  
 plôkest dêr de fruchten fan.  
 JORIS: Dy fruchten fan dy binne grif rottich en rûpstekkerich. (*giet mei  
 de rêch nei de Dokter oan 'e tafel lofts sitten te lêzen*)  
 DOKTER: ik seach datst hinnen hâldst. Ik ferkeapje in tommel-  
 lishân. Alle kearen dat de hin in aai leit, ferdwynt it aai. De hin tinkt  
 "Ferrek, ik haw net in aai lein" en leit wer ien. Wat foar dy?  
 JORIS: (*hat mar heal harke*) Wat? In aai?  
 DOKTER: Nee, sa'n hân.  
 JORIS: Ik wol de hinnen fuordwaan.  
 DOKTER: En dan?  
 JORIS: Guozzen hâlde.  
 DOKTER: Dy traapje der ek yn.  
 JORIS: (*lulk*) Ast no net makkest dat fuortkomst, fluitsje ik de hân!  
 DOKTER: (*hellet in hânfol fluitsjes út 'e bûse*) Moai! Sykje mar út!  
 JORIS: (*triuwt de Dokter nei de túndoarren*) Opsokkebalje, of ik sil  
 dy...!  
 DOKTER: (*hellet revolver út 'e efterbûse*) Wolst dizze miskien? Foar in  
 moai pryske?  
 JORIS: (*jout de dokter sa'n reis, dat er nei bûten fljocht*)

### **Sêne 12.1**

NICO: (*op fan lofts, mei ôfhingjende skouders, sêft*) Hallo, Joris...  
 JORIS: Mar Nico! Is 't wer safier?  
 NICO: (*knikt*) It is ALTYD safier...  
 JORIS: Mar dêr moatst dan dochs in kear in ein oan meitsje! Bist dochs  
 net bang?  
 NICO: (*sjocht senuweftich om him hinne, fielt nochris ekstra oft de doar  
 efter him goed sletten is*) Ja, sjochst... net alhiel, marre... (*wiist nei  
 boppen*)  
 JORIS: Vera moat mar ris goed it leksum lêzen wurde!  
 NICO: (*krimpt yn elkoar*) As ik mar doarde... As ik it dwaan soe,  
 fermoardet se my...

JORIS: Kom, kom! Dat sil wol wat tafalle. Mar salang'tsto hjir bist, bart dat net.

NICO: Hie ik dyn moed mar... Witste... Earjuster wie it ús troudei...

JORIS: (*giet op 'e bak sitten en kloppet op it plak njonken him*) Fertel. Sa'n rampdei fierst dochs tink net?

NICO: (*giet njonken him sitten*) Ik wie it yndie it leafste fergeffen. Mar Vera stie derop dat feit te fieren. Mei de dryste kop kocht ik in piano foar har. Mar ja, in soad muzyk sie der net mear yn...

JORIS: (*grimmitich*) Op 'e poat spylje, dat kin se!

NICO: Krekt. We rekken der slaande deilis oer. Se woe der net op spylje. Se wûn har der sa oer op, dat se by eintsjebeslút op 'e toetsen stie te ramen mei de paraplu. Ik hearde de snaren knap-pen. De ein fan it liet wie, dat it ding it hûs út moast.

JORIS: Oh?

NICO: Dat haw ik dien. Ik haw him stikem mei in bestelwein nei dy tastjoerd. Ik wit datsto en Saskia der alle twa goed mei rêde kinne. Nei in lyts bytsje opknappen is er wer sa goed as nij.

JORIS: Wat in geweldich kado! Tankewol! Ik bin der wis fan dat Saskia der ek bliid mei wêze sil.

NICO: Se bringe him fan 'e middei.

JORIS: Mar Saskia mei der neat fan witte, foar't de piano opknapt is. 't Moat in echte ferrassing bliuwe. Wachtris! Ik haw in idee! Do heinst bûten dy frachtwein op, goed? Dan litst it ynstrumint efter yn 'e tún yn it simmerhúske sette. Ik wit wol ien, dy't him dêr ûnge-murken opkreezje kin. (*giet troch de rjochterdoar ôf*) Lit my efkes witte oft dy oankaam is.

NICO: komt ynoarder! (*giet tagelyk ôf fia de túndoarren*)

### **Sêne 13.1**

INEKE: (*komt tagelyks fan lofts mei in toanieltekstboek yn 'e hân. sy iepenet it boek en begjint oerdreaun te spyljen*) "Romeo, oh Romeo, Wêr bist dochs?"

### **Sêne 14.1**

DOKTER: (*stekt de holle om 'e túndoar hinne*) Hjir... lekker ding! (*Ineke skrikt*) Grapke! Ik bin dokter Nietz, feedokter fan profesje.

INEKE: Oh. Ik bin de sus fan Saskia, (*mei selsspot*) "aktrise yn wurding".

DOKTER: Ah! Dat komt moai út! (*pakt trije boekjes út 'e bûse*) Ik haw hjir de kursus: "Hoe wurd ik soapaktrise" yn trije dielen. Kinst se fan

my oernimme foar in spotpryske.

INEKE: (*laket*) Ik wol leaver yn ién kear aktrise wurde. Ynienen op it skerm of it wite doek. Close-up... Full size... Bleat. Makket my neat út.

DOKTER: serieus?

INEKE: Ja, echt (*showt mei har lichem*) Ik haw dit allegearre dochs net om 'e nocht krigen?

DOKTER: Nee, nee, dat kinst wol sizze... Mar sûnder dramalessen komst der net. Do moatst leare om te aktearjen. Sels mei sa'n godlik lichem.

INEKE: KinSTO my dan net helpe?

DOKTER: (*stekt heerberich de earms út*) Fansels... Graach...

INEKE: (*stapt werom*) Ja, dat begryp ik... Mar ik bedoel om oan 't toaniel of op tillevyzje te kommen. Film soe ek moai wêze.

DOKTER: Nee, dat net... Dêr soest Dolly foar hawwe moatte. Dolly de Raedt. Sy wie aktrise. Tsjintwurdich jout se les en hat se in castingburo.

INEKE: (*ûnleauwich*) Dolly de Raedt? DE Dolly de Raedt? Fan "Goede Berjochten, Minne Berjochten"? Dêr wie ik as bern al entûsjast bewûnderder fan! Mar dy sil sa'n begjinning as ik dochs gjin les jaan? En wat soe dat trouwens wol net kostje? Us mem betellet gjin sint!

DOKTER: Dolly is in eks-freondinne fan my. As ik it freegje...

INEKE: (*spottend*) Dan docht se it grif foar noppes. (*bitter*) Mar wat fregeSTO dan?

DOKTER: Neat, datsto net wolst. (*pakt syn GSM*) Sil ik har skilje?

INEKE: Do hâldst my foar 't lapke.

DOKTER: Echt net. (*skillet*) Hoi, Dolly. Mei Peter. Peter Nietz... Do bist dochs noch hieltiten op 'e sneup nei talint?... Der stiet hjir in famke njonken my... eh... se hjit... (*sjocht freegjend nei Ineke*)

INEKE: Ineke.

DOKTER: Ineke. Ynmoai, prachtich figuer. Moaie stimme. Mei in fûleindige aktearwinsk... Ja, oft sy echt wat kin, moatsto mar beoardiele. Wês my tewille, spring yn 'e auto en kom hjir efkes hin-ne. Ik bin by Joris yn filla "Vredeheuvel", dy kenst wol. ... Krekt, Parkleane. Sy útfanhûzet hjir in pear dagen... Moai, ik hein dy bûten wol op. Oant sa! (*stekt syn GSM fuort*) Se komt deroan.

INEKE: Ja, daach! Moat ik dat leauwe?!

DOKTER: Wachtsje mar even ôf. Silst it sjen. Hast trouwens noch wat nedich? Grime? Prûken?

INEKE: Net dat ik wit...

DOKTER: (*rint nei de túndoarren, draait him om*) Freegje it oan dyn

lerares as se aanst komt. As jim wat nedich hawwe, dan seist it mar. Ik ferkeapje fan alles. Ik wachtsje yn 'e tún op Dolly. (*ôf fia de túndoarren*)

### **Sêne 15.1**

(*Ineke lêst wer yn har tekstboek*)

### **Sêne 16.1**

JORIS: (*op fan rjochts*) Hee, Ineke!

INEKE: (*stekt begroetsjend it tekstboekje omheech*)

JORIS: (*krûpt har oan*) Noch hieltyd aktearplannen?

INEKE: (*knikt*) Mar ús mem sjocht dat noch hieltyd net sitten.

JORIS: No, ik wol hear! Oefenje mar lekker wylst hjir bist. Wêr is jim heit?

INEKE: Yn 'e tún, tink ik. (*lêst preuveljend fierder yn har skript*)

JORIS: (*rint nei de túndoarren*)

### **Sêne 17.1**

VERA: (*op fan lofts, folge troch Saskia, se set fuort op Joris ôf*) Sa!

Dêr bist dan. Op it stasjon wiest yn gjin fjilden en wegen te sjen!

JORIS: (*jout har mei dúdlike tsjinsin in slop hantsje*) Nim my net kwea. In fersin.

VERA: O ja?

JORIS: Ik tocht, dat jo mei in lettere trein komme soene.

VERA: (*draait har om nei Saskia*) Dyn frou woe oars hawwe, datsto tochtst dat Wim ús ôfhelje soe en dat dy wer ûnderstelde, datsto it dwaan soest. Mannen?! Bah! (*tsjin Joris*) Ik hie dy nea mei myn dochter trouwe litte moatten. (*tsjin Ineke*) Wat lêsto dêr?

INEKE: Oh, ... eh... neat.

VERA: (*pakt har it skript ôf en sjocht der even yn*) Tocht ik it net! Wer sa'n fodde! Skakespeare!!! (*smyt it skript op 'e grûn*) Gean nei boppen en doch wat nuttichs.

INEKE: Mar mem!

VERA: Doch wat ik sis! (*rjochtet har ta Saskia en Joris*) De ien wol skriuwer wurde en de oare aktrise! 't Leafst yn in soap noch wol! (*slacht de eagen oerdreaun nei boppen*) In moai stel bern haw ik!

INEKE: (*pakt gau har skript en giet nei lofts. seit yn de doariepe-ning*) As Wim en ik aanst ferneamd binne, prate jo wol oars! (*mei de doar slaand loftsôf*)

### **Sêne 18.1**

VERA: Ineke dochts!

JORIS: Jou dy jongelju dochts in kâns! Neffens my hawwe se fêst talint.  
Alle twa.

SASKIA: Joris hat gelyk.

VERA: (*skoddet de holle*) Ik leau, dat it dochts in goed idee wie om hjir hinne te gean. (*sjocht beide minachtsjend oan*) Miskien kin ik noch wat fan jim houlik meitsje...

JORIS: (*lulk*) Ast dat mar út 'e holle litst!

### **Sêne 19.1**

ELLY: (*op fan lofts mei in briefke dat se yn 'e hân fan Joris stoppet*)

JORIS: (*stoppet it sûnder te lêzen yn 'e bûse*)

ELLY: (*ôf fia linkerdoar*)

### **Sêne 20.1**

VERA: (*erchtinkend*) Aha! Menear ûntfangt briefkes.

JORIS: Yndie... (*sarkastysk*) Fine jo it goed, dat ik it lêst?

SASKIA: (*tsjin Vera*) Mem, doch net sa nuver!

VERA: (*tsjin Saskia*) Ik doch net nuver. Ik haw in sûne erchtinkendheid.  
Tsjin alle minsken. Benammen tsjin troude manlju. (*tsjin Joris*) Wy wachtsje, menear...

JORIS: Wêrop?

VERA: Asto neat foar Saskia of my te ferbergjen hast, kinst dochts fertelle wat der yn dat briefke stiet?

JORIS: Ach, wat saakliks... (*tsjin Saskia, nei de túndoarren wizend*) Lit jim mem de roazen sjen, famke.

VERA: Ik haatsje roazen.

JORIS: Efteryn de tún steane brânnettels. Miskien is dat mear wat foar har.

VERA: (*sjocht misledige*)

JORIS: (*wylst er ôfgiet fia de túndoarren*) Ik haw echt efkes ferlet fan frisse lucht.

### **Sêne 21.1**

VERA: (*sjocht him nei*) Saken? Bah!

SASKIA: (*sit op 'e bank*) Wy hawwe gjin geheimen foar elkoar, hear

mem!

VERA: (*giet njonken har sitten*) Soa, tinkst dat? Leaf bern, 't waard tiid dat ik hjir kaam.

SASKIA: It gie grif oer saken...

VERA: klearebare ûnsin. Hy die muoite om ús kwyt te reitsjen, en doe't dat mislearre, pike er sels út. Om it briefke yn 't genyp te lêzen. Der is fêst in frou yn 't spul.

SASKIA: Nee, nee, soks docht Joris net.

VERA: De eagen fan in mem sjogge skerp.

SASKIA: (*lulk*) Meist net immen beskuldigje foar'tst bewizen hast.

VERA: Mar hoe kin immen bewize, dat in man oprjocht is?

SASKIA: (*komt oerein, twiveljend*) Ik... wit... 't net.

VERA: 't Is sa helder as glês, dat dyn man in geheim hat. Och, wiesto mar mei in man lykas jim heit troud. Hy flirt nea. Hy soe net iens doarre. (*nimt Saskia by de earm*) 't wie heech tiid dat ik hjir kaam. Ik sil wol ris ynformearje, wêr't dat briefke weikomt. (*loftsôf tegearre mei Saskia*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**